



Lytts Frisia

tydskrift foar fryske striid en literatuer

JIERGONG LXI nûmer 3

septimber 2012

ISSN 0166-6029

Skiphok

*De dreamen hingje yn 'e touwen
it kin net
it mei net*

*it noddet almar yntrofert
op inkwetter
fordrinkwetter*

*it mûnster hat in minske op
man en dream*

*in klopgeast hat syn frije dei
de moeting op 'e kâlde sigen*

*swel seit dach de rô't
giet oan de hûd foarby*

*in boat fart bûten de geboaden
gat gloeijend
foarby*

*de weach slacht troch it yngewant
hâld it
kear it*

*dêr giet in tsjeak mei lange toskan
in man mei in dream kin it spuije*

út de nei dit fers neamde bondel 'Skiphok' (1970)

Samplers: foar kopij op papier, Piter Dykstra, Wykwei 4 8434 PG WASKEMAR; digitale kopij, abma.g@upcmail.nl Fêste meiwurkers Bertus Postma en Rommert Tsjeardsma. Opmeitsjen en technyske fersoarging: Piter Dykstra. Einredaksje, dr. G. Abma, abma.g@upcmail.nl, Plantage Doklaan 13, 1018 CM AMSTERDAM.

In fers fan Geart van der Zwaag (Nijehaske, 1924), maatskiplik wurker by de PTT, yn de jierren '70 ridlik prominint yn Fryske polityk en dichtersrûnten: as ien fan de mieren yn 1953 behelle by de oprjochting fan *Quatrebras*, fan *Operaesje Fers* (hjerst 1967), fan de Fryske ôfdieling fan de politike partij D'66 en fan de Koperative Utjowerij fan Teije Brattinga c.s. Foar D'66 fan 1970 - '74 yn de Fryske Steaten. Demokratisearring wie it biedwurd doe, om 1970 hinne ek yn Fryslân. Troch de baasmanen net altyd begrepen, lit stean wurdearre. Geart van der Zwaag stie yn polityk en dichtkeunst foaroan, ek al yn 1953 dus.

Ut de holle heucht my fan in foardrachts-, deftiger sein dichtersjûn, de rigel út *Fryslâns boezem*, 'de Kommissaris moat nedich pisje', mei oare wurden, it wetter stiet heech. It iennichste dat my bybleaun is, mar dat in libben lang.

In modern gedicht, net yn it minst troch de stikken wyt yn de presintaasje. En fansels yn it op it earste gesicht ûnbegryplike. Wa't it wit, mei it sizze, de kearn fan moderne dichtkeunst. Wa't it begrypt, kriget dûbel; wa't it net begrypt, wurdt ek it bekende ôfnommen en kriget hielendal neat.

de einredaksje

Snipers

Foar de feroaring yn dizze rubryk inkelde taalopmerkings.

1. It wurdsje *der*:

- (a) *der* wurdt oan tocht; *der* wurdt sein; *der* is gelegenheid, ensfh.
- (b) yn Tresoar bestiet 'der' kâns te fiskjen, oerdei wurdt 'der' sutele, faak wurdt 'der' sein ensfh.

It earste *der* is goed en te plak, it twadde 'der' is ûneigen en Hollânsk Frysk. *Der* wurdt yn it Frysk folle minder brûkt as yn it Hollânsk; it moat faak fuort en derút.

2. *wer*...

It skynt dat guoddens leare, bgl. by Omrop Fryslân, om net *herheljen* te sizzen mar, ... ik doar it hast net te neamen: *werheljen*. Gewichtich dwaan? Der is neat op tsjin ris in nij wurd te betinken, prate immen. As der al iuwen besteande wurden yn it ferlet foarsjogge, is in nij wurd ferkeard. Yn de taalrubryk yn it *Friesch Dagblad*, 18 aug., weefde Hindrik Sijens moai gau mei dizze 'nijfoarming' ôf. Earst om't bêst ris in Hollânske foarm, sa lang al húsriem, yn it Frysk oernommen wurde mei, bgl. *herfoarming*, *hersjen* (wat oars as *wersjen*) en sa mear. In mooglikheid is ek om *her* wer te jaan mei *oer*: bgl. *oerdope* (*werdope* bestiet mar inkeld as fariant op it meniste leauwe), *oerdwaan* ensfh. Foar mear foarbylden, sjoch neamde taalrubryk.

3. *Warnser Frysk út 1780*

Dat yn de 18^{de} ieu yn Warns Frysk praten waard, docht gjin nij. Dat soms ek Frysk skreaun waard, ál. Helle út in my troch J. de Vries út Koudum

trochdien brieffragmint fan in seeman út Warns. Mei syn trijemêstgaljoat, in foege tsien meter lang, fear er, laden mei oliifoalje, nei Le Havre. Aldjiersdei 1779 waard it skip mei trijihûndert oare troch in Ingelsman 'kaapt' en opbrocht nei Lissabon. Ut Lissabon wei waarden hiel wat brieven nei hûs skreaun; troch kaperij of op oare wize bedarre in tal yn Londen en koartlyn binne se ûntdutsen. No wurde se yn fazen publisearre. Yn sa'n brief skriuwt Tsjêbe Rinkes oan syn frou yn it Hollânsk; oan 'e ein kriget mem in wurdmannich en giet de man, o wûnder, oer op it Frysk: *"Dit is, leeu ik, wol het toolfde of het 13 brief al, der ik dij hier vandinne stierd heb. Ik tienke dat ik en goe nemme bij de vroulie te Wans sol krije, omdat ik so trou schriu. Is dat zo nit, leeu?"* ensfh. It giet hjir om de folchoarder 'sol krije' yn pleats fan 'krije sil' sa't wy it no hawwe wolle. No ja. Wat soe men dat Frysk trouwens graach ris hearre. En och, 'dream' en 'stream' wol my as keunsttaal min oer de lippen komme. It bliuwt 'droom' en 'stroom'.

g.a.

Us eigen taal (10)

De trijetalige skoalle en yntegraliteit

Yn dit tredde nûmer fan Lyts Frisia yn 2012 in wat koarter stik fan mines as dat earder wol it gefal wie. Der is lokkich no wer safolle kopij, dat ik my wat beheine moat. It trijetalige ûnderwiis is in grutte stap foarút, ferdútst Chris van Hes ús yn dit nûmer. En dat is sa. As De Haach no ek mar meiwurkje woe oan it better en flugger realisearjen fan dat ûnderwiismodel yn it Fryske ûnderwiis. En dat liket der noch net op (sjoch myn artikel dêroer yn it foargeande nûmer fan Lyts Frisia: 'It Frysk is yn De Haach net yn goede hannen en sil dat ek nea wêze'.¹ De provinsje soe sadwaande it foech hawwe moatte om dat model rûnom yn Fryslân te ferplichtsjen, oant en mei de eksamens ta. Dat freget folle better en folsleiner wetjouwing foar it Frysk.

Sytze T. Hiemstra

Dêrby ûnderskied ik twa ferskillende soarten fan gearhing yn taalbelied en taalûnderwiis: in *fertikale* en in *horizontale* yntegraliteit. Dy ljochtsje ik hjirûnder ta. Benammen de *horizontale* yntegraliteit is in nij lûd. Al haw ik dat hjir en dêr wol earder op it aljemint brocht. Ik hoopje lykwols dat it sa

njonkelytsen ek ris oppikt wurdt troch beliedsmakkers en learmiddelgearstalders. It is no de tiid om dêr better oer nei te tinken en oansetten te jaan.

¹Sytze T. Hiemstra, 'It Frysk is yn De Haach net yn goede hannen en sil dat ek nea wêze', *Lyts Frisia*, jrg. LXI, nû. 2, juny 2012, s. 23-28.

Fertikale en horizontale yntegraliteit as betingst foar in lykweardich en better brûken fan it Frysk

Yn de *Feriening Frysk Underwiis* (FFU), dêr't ik al gâns wat jierren de skriuwer fan bin, besykje wy yndividuele âlders te helpen as harren bern net of net genôch Frysk op skoalle krije. Dêrby rinne wy almeast fêst (sjoch ek it artikel fan Tom Dykstra yn dit nûmer), omdat de needsaaklike (râne)betingsten foar trije wichtige organisaasjenivo's jitte altiten net foldwaande binne.² Dy trije fronten (it makro-, meso- en mikro-nivo) hingje tige mei-inoar gear en meie absolút net los faninoar sjoen wurde. Dat neam ik *fertikale yntegraliteit*.

Fertikale yntegraliteit

1. Op it nivo fan it Ryk of de steatsnaasje (it makro-nivo: bgl. kabinet, ministearje fan UKW/OCW, Earste en Twadde Keamer) soene der wetten en regels makke wurde moatte dy't it Frysk yn it hiele ûnderwiis in (op syn minst) oan it Nederlânsk (Hollânsk) *lykweardich* en *lykberjochtige* plak besorgje. Dat is yn de fierste fierte noch net it gefal. Yn Fryslân kinne Deputearre en Provinsjale Steaten dat sels nét regelje, want dy meie gjin ûnderwiiswetten foar it Frysk meitsje of it ûnderwiis yn ús taal kontrolearje (litte). En it liket der noch net op dat soks hurd feroaret. As it Ryk ek gjin ferplichte ek-

samens yn it Frysk foarskriuwt en de kwantiteit en kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk net hifket of oars ûndersykje lit (bgl. troch de ûnderwiisynspeksje), dan hat dat tige *ûngeunstige* effekten op en gefolgen foar oare ('legere') nivo's fan organisaasje: it *meso-* en *mikronivo*. It ûntbrekken fan in eigen provinsjaal foech op dat mêd is in grutte hendikep foar de FFU, want yn De Haach komt de FFU almeast foar de winige doar.

'Demokrasj' betsjut yn 'Nederland' oant no ta noch altiten dat de (macht fan de) Hollânsktalige mearderheid yn De Haach, dy't ornaris neat 'hat' mei it Frysk (it is foar harren gjin 'eigen taal'), de wetten en regels makket en der tige *iensidich* foar soarget dat it Hollânsk fan leech oant heech in sterk, wichtich en kontrolearber plak kriget yn it *hiele* ûnderwiis en dat it Frysk fan leech oant heech systematysk *ferwaarleazge* wurdt. En dat der sadwaande ek gjin *trochgeande learline(n)* foar ús eigen taal troch it skoallesysteem ta stân brocht wurde kin(ne). Dy *machtsferhâldings* moatte dus feroarje. Fryslân soe op it stik fan ûnderwiis baas op eigen hiem en yn eigen hûs wurde moatte. Dan kinne de Friezen foar it hiele ûnderwiis sels wetten en regels meitsje en soene wy ús as FFU op dy 'eigen' wetten beroppe kinne as wy âlden en learlingen helpe en 'rjocht dwaan' wolle. Wy rinne aloan mar wer stikken op de besteande (slim tekoartsjittende) wetjouwing en in ferkearde 'Haachske' opfet-

²Tom Dykstra, 'De Feriening Frysk Underwiis (FFU) bestiet in fearnsieu! Dogge wy derta?', *Lyts Frisia*, jrg. LXI, nû. 3, sept. 2012 [dit nûmer].

ting fan wat 'demokrasj' blykber betsjutte moat. Nederlân is fandat-oangeande *gjin* rjochtssteat. It Frysk en de Friezen misse dêrtroch gâns (wetlike) taalmacht.

2. Op it nivo fan de skoalle-organisaasje (it midden- of *meso*-nivo) hawwe wy te krijen mei (gauris Hollânsktalige) bestjoeren dy't meastentiids net folle mei it Frysk op hawwe of somtiden sels anty-Frysk binne. De fierrikkende wetjouwing foar it Hollânsk *móatte* se útfiere, dat is har *plicht* en oars folgje der *sanksjes* út 'De Haach'. Foar it Frysk binne der allinnich hjir en dêr wat rjochten en amper *plichten*, dy't boppedat nét mei sanksjes ôftwongen wurde (kinne). 'Ljouwert' (DS en PS) stiet fandat machteleas. Dat pleatst it Frysk yn in posysje dat wy as *FFU* de âlden ek net (goed) helpe kinne as se ûntefreden binne oer de behanneling fan it Frysk op skoalle. Alden soene harren op goede ûnderwiislearplannen foar de Fryske taal, kultuer en skiednis beroppe kinne moatte.

Boppedat achtsje wy ek de *sichtberens* fan ús taal yn en om de *skoalgebouwen* hinne (bgl. op buordsjes) en it (mûnling en skriftlik) brûken fan de taal yn en by *gearkomsten* (yntern gebrûk) en yn de (mûnlinge en skriftlike) *kontakten* mei de *bûtenwrâld* (ekstern gebrûk) fan grut belang. Dêr is noch net folle fan te merkbiten. Dat moat likegoed oars en folle better regele

wurde.

It Frysk hat ek op dit twadde nivo te min *taalmacht* en te min *taalstatus*. De oarsaak ('skuld') dêrfoar leit yn 'De Haach' en de Frysktalige befolking leit him dêr oant no ta almeast te maklik by del. Binende regeljouwing is needsaaklik, sadat it Frysk yn de praktyk op syn minst *lykweardich* behannele wurdt. Soks soe in tige positive útstrieling hawwe op de learlingen en har *taalhâlding* foar it Frysk oer geunstich beynfloedzje. Dat hat sûnder mis wer ynfloed op har *taalgedrach*, har *leargedrach* (motivaasje) en har *taalprestaasjes*. Ut de sosjale wittenskippen wit men dat opfettings en it hâlden en dragen fan minsken yn 'e regel allinnich feroarje as it (taal)fermidden, d.w.s. de '*omjouwing*' fan minsken, feroare wurdt.³ *Net oarsom!* Sa'n feroaring ('ferbettering') is benammen in (taal)politike saak, ek yn Fryslân.

3. Op it nivo fan de *klasse*-organisaasje, fan de learaar en de learling (it *mikro*-nivo) kin der yn de besteande situaasje ornaris net folle feroarje en ferbetterje, omdat de learaar/leares likegoed nochal machteleas stiet as er/se mear en better Frysk wol. Dat komt omdat de wet- en regeljouwing ('omjouwing') net doocht en dy syn/har didaktysk hanneljen net stipet en legitimearret. In learaar dy't it Frysk net behearsket, sil dan boppedat net of amper syn bêst dwaan om dat wol te learen.

³Ferl. bgl. Herman Kolk (2012), *Vrije wil is geen illusie. Hoe de hersenen ons vrijheid verschaffen*. Amsterdam: Uitgeverij Bert Bakker (s. 88-89): "De *omgeving* roept gedragspatronen op, inclusief hun verwachte waarden. Het zijn deze waarden die ons motiveren om gedrag te herhalen en daardoor te leren. Het zijn weer andere waarden die ons ertoe brengen een sterk geautomatiseerd patroon te vervangen door een patroon dat meerwaarde heeft." Politike maatregels kinne sadwaande tige bydrage ta de mearwearde fan it Frysk en dus ta in Frysker hâlden en dragen fan organisaasjes en persoanen!

Soks moat op it makro- en meso-nivo earst goed regele wurde. Fan 'ûnderen-op' kin dat net slagje. Dat is in *machteleaze* 'omjouwing'.

In learaar is dus net of amper by steat en ferbetterje de situaasje foar it Frysk yn de klasse as er net konfrontearre wurdt mei de *plicht* ('omjouwing') om goed en foldwaande Frysk te jaan. Hy (sy) moat ek kontrolearre wurde mei middels dy't ynsjoch jouwe yn de opbringsten fan it Frysktalige ûnderwiis en mei in ynspeksje dy't dêr (goed) tafersjoch op hâldt. In (*ferplichte*) learlingfolchsystem, (*ferplichte*) tusken- en eintoetsen, (*ferplichte*) eksamens en de plicht fan de ûnderwiisynspeksje om it ûnderwiis yn it Frysk goed te kontrolearjen, binne dus betingsten om de kwantiteit en kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk te fergruttsjen en te ferheegjen. Alle gearre *omjouwingsfaktors* dy't it hâlden en dragen fan minsken en organisaasjes feroarje. Likegoed as it om taal giet (sjoch ek noat 3).

Dat is fan dy gefolgen dat der in taal- en ûnderwiisbelied ûntwikkele wurde moat dat gearhing (ferbining en ferbân) sjocht en oanbringt tusken maatregels dy't foar de trije organisaasjenivo's ('omjouwings') nedich binne. It iene nivo kin net sûnder it oare ('*fertikale yntegraliteit*'). Op alle trije nivo's (wetjouwing, skoalorganisaasje, klasse) moat it Frysk in *folweardich* en *lykweardich* plak krije yn **alle** skoaltypen. Alle nivo's ('omjouwings') beynfloedzje elkoar,

posityf of negatyf. Se hawwe in *dialektyske* relaasje mei-inoar.

Strukturele ferbettering *begjint* lykwols mei in goede wet- en regeljouwing. Dat docht ús alle dagen wer bliken. Dêr stride wy as FFU foar. By einsluten helpe wy Fryske âlden en Fryske learlingen dêr it bêste mei. Ad hoc-aksjes foar âlden en learlingen sette amper wat út 'e wei as de rjochten en plichten fan skoallen (bestjoeren), learlingen en learaars net (mei sanksjes) ôftwongen wurde kinne. Mei beleannings of oare ferliedingstaktiken allinnich rêdt men it ek net. By it ûnderwiis yn en troch it Hollânsk is dat net oars. Dêrom hat 'De Haach' dat foar it 'Hollânsk' hiel strak *regele* en goed ticht timmere op alle trije organisaasjenivo's.

Horizontale yntegraliteit

Wy stribje dernei dat der op it meso- en mikro-nivo hieltiten mear **yntegraal** *trijetalich ûnderrjocht* en *taalgebrûk* (mei Frysk, Ingelsk en Nederlânsk as fak en fiertaal) fan de grûn komt, mei in **folweardich** plak foar it Frysk yn dat gehiel. Wetlik moat dat mooglik makke wurde. Behinderings moatte ferdwine. Der moatte hieltiten mear trijetalige *skoallen* komme en yn de klassen of groepen moat hieltiten mear trijetalich lesjûn wurde.

Yn dat trijetalige model moatte de oanbelangjende besibbe Germaanske talen Frysk, Ingelsk⁴ en Nederlânsk yn **ûnderlinge**

⁴Ik doel hjir benammen op it 'Germaanske' oanpart yn it Ingelsk. Sa'n projekt freget om in yntinsyf gearwurkjen fan tige betûfte frisisten en anglisten.

gearhing *systematysk* ferlike wurde (kinne) op it nivo fan de *fonology* (û.o. útspraak en stavering), de *morfology* (wurdfoar ming en bûging fan wurden), de *syntaksis* (tiidwurdsfolchoarder of de folchoarder fan oare wurdkloften), de (kontrastive) *leksikology* (ferskillen en oerienkomsten yn de wurdfoarried fan de trije talen).

Dat *ferlykjendewei* hinne-en-wer springen tusken de trije talen moat stelselmjittich stal krije yn it mûnling en skriftlik taalgebrûk yn de groep of klasse en syn delslach krije yn *yntegrals* trijetalige learboeken, modulen en oare helpmiddels. Dat neam ik **horizontale yntegraliteit**.⁵

Omdat *alle* learaars, hokfoar fak oft se ek jouwe, altiten taal brûke (moatte) en ûnûntkomber ék altiten taallearaars binne, moatte se in

goede wer- en byskoalling krije, sadat se sa'n yntegraal konsept (fan trije- of meartalich ûnderwiis) op har eigen fakgebiet tapasse kinne en de *terminology* (eigen 'faktalige' begripen út fakken lykas skiednis, biology, ierdrykskunde, wiskunde en fersoarging) yn de trije talen mûnling en skriftlik goed oerdrage kinne (sjoch bgl. R. de Haan syn publikaasje *Terminology fan 'e saakfakken*, dy't hast 9500 termen [N/F] jout fan njoggen fakken).⁶

De learplannen, de lessen yn de klasse en de helpmiddels (learboeken, modulen en digitale media) dêrby moatte sadwaande *yntegraal* trijetalich wêze. Dat betsjut ornaris ek dat de trije talen sa ticht mooglik yn de *tiid* en de *romte* njonkeninoar en byinoar brûkt wurde moatte. Oars rint it gearstallen fan nije help-

⁵Dy *dialektyske* wurkwize kin en moat, as er goed útfierd wurdt, de trije talen *fersterkje*. Der ûntstiet sadwaande by de learaar en learling in grutter *befef* fan de *oerienkomsten* yn en *ferskillen* tusken de trije talen (it Ingelsk wykt mei syn sterk Romaanske ynfloeden it measte ôf) en kin dêrmei ynslûpsels fan de iene taal yn de oare (ek wol *ynterferinsjes* neamd) tefoaren komme of bestride. Sokke (ferkearde) ynslûpsels of ynterferinsjes (bgl. hollânismen of anglisismen yn it Frysk), binne in (grutte) bedriging foar de (eigen) *wurden* (bgl. kaai-*sleutel*), *lûding* (bgl. Hâns-*Hans*), *foarm* fan de wurden (bgl. siferke-*cijfertje*), bou fan de sinnen (bgl. dat er komme kin-*dat hij kan komen*), *wurdbetsjutting* (bgl. *besykje-proberen*) en it *taalgebrûk* (bgl. *sliep lekker-welsterusten*) fan ús taal. Dêr moat troch de tiid hinne yn suver *alle* klassen (dus longitudinaal) systematysk omtinken foar wêze en bliuwe. Dêrby meie ynslûpsels (wurden) op it mêd fan de *betsjutting* (*semantyske* ynterferinsjes; bgl. *besykje-proberen*; *buorkerij-boerderij*) en it *taalgebrûk* (*pragmatyske* of *idiomatyske* ynterferinsjes; bgl. tagong ferbean – *verboden toegang*) net fergetten wurde. It ûnderrjocht moat liede ta it oanlearen fan geef *Standertfrysk* en it mijen fan *ynterferinsjes*.

As der neat dien wurdt oan de sterke Hollânske druk, sil it Frysk hieltiten fierder ferhollânskje en sil dan op 'en doer yn taalkundige sin grif in dialekt fan it Hollânsk wurde (ferl. bgl. Breuker e.o., *Bydragen ta de didaktyk fan it Frysk yn it fuortset ûnderwiis*, 1982, hdst. 5 'Kontrastive analyse [analyse] en Frysk taalûnderwiis', s. 43-64; en Breuker, Hiemstra e.o., *Foar de taalspegel. Koart oersjoch fan Hollânske ynslûpsels yn it Frysk*, 1984).

⁶Rienk de Haan (2000), *Terminology fan 'e saakfakken*. Ljouwert: Taalburo Fryske Akademy. Ferl. ek de *Ljouwerter Krante* (11-07-2012, s. 1 en 10), dy't ûnder de kop 'Zestien docenten De Dyk zakken voor dictee' ús derfan op de hichte stelt dat sechstsjin dosinten fan De Dyk, de mafû-skoalle fan OSG Piter Jelles yn Ljouwert, tefolle flaters meitsje yn de 'Nederlandse taal'. Yn in proefwurk moasten fjirtich learaars 21 tiidwurden ferbûge. De direkteur ornearret: "Het is de start van een taalbeleid, dat vooruitloopt op strengere normen in de examens. [...] Dan mag je van docenten ook verwachten dat ze weten wat ze doen. [...] De exameneisen worden aangescherpt en elke leraar is straks ook taaldocent." Nei it Frysk wurdt net taald, want dat mist de needsaaklike wetlike beskerming.

middels (wer) benammen út op *skieden* (taal)streamen en *los* faninoar steande helpmiddels en wurdt de winst dy't op dat mêd behelle wurde kin en moat, folslein wei. It *gehiel* (de 'Gestalt', de ûnderlinge gearhing) moat mear ynhâlde as de som fan de (yn romte en tiid skate) dielen. It oanpart fan it Frysk yn dat tale- en fakkegehiel kin neffens my fariearje tusken de 35% en 50%, mar mei net ûnder it tredde part komme. Dat moat wetlik fêstlein wurde ('omjouwing'; sjoch ek noat 3). Sokke maatregels ('plichten') helpe mei om it Frysk ta earste taal fan Fryslân te meitsjen.

Dy holistysk-yntegrale fyzje is noch

lang net goed trochkrongen ta de beliedsmakkers en hiem by betinkers fan it trijetalich skoalkonsept, mar wat net is, kin komme. Ik hâld hope. Wy stribje dat yn alle gefallen nei mei alles wat yn ús is. De takomstige *learmiddels* sille dus foar (yn prinsipe) alle fakken in oar en folslein *yntegraal trijetalich* karakter krije moatte. Dêr moat út soarte mei eksperimentearre wurde om ta de meast effektive foarm en ynhâld te kommen. Dat sil gâns tiid en hiel wat jild freegje! Soks is needsaaklik om 'ús eigen taal' yn en bûten it ûnderwiis in bettere takomst te jaan. Dat soe Douwe Kalma grif ek tige noaskje ...

Nijs fan it bestjoer

Wy binne wer by! Yn it foarrige 'Nijs fan it bestjoer' hiene wy tasein dat der in webside en postbus komme soene, en dy binne der no ek! Fierders is it ledebestân aardich fernijd en opskjinne. By dizze gelegenheid wolle wy dan ek alle nije leden wolkom hjitte. **Wolkom allegearre!**

Foar ús webside hawwe wy gearwurke mei *Skelp Webdesign*. De striders út de tsjerke fan Westerwydwert binne yn it logo ferwurke en alle teksten stean online. It webstek sels sil mei 'er tiid bywurke en útwreide wurde, mar foar no mei it resultaat der wêze. Minsken kinne de nije webside sjen op www.jongfryskemienskip.com. Wy hawwe as webhosting bewust keazen foar it bedriuw *Mijndomein*, dat ek it behear fan de **.frl**-ekstinsje op him nimme sil.

Op it postkantoar fan It Hearrenfean hat de *Jongfryske Mienskip* no dus ek in eigen postbus. It adres stiet yn it kolofon fan dizze útjefte fan *Lyts Frisia* en op ús webside. Sa't jim ek op ús webside sjen kinne, is de Jongfryske Mienskip no ek aktyf op Facebook en Twitter. Wy hoopje dêrmei mear minsken te berikken en sa de doelstellings fan de *Jongfryske Mienskip* fierder út te dragen.

Foar de kommende tiid hawwe wy as *Jongfryske Mienskip* noch genôch wurk te dwaan. Sa binne wy op it stuit yn petear mei oare organisaasjes om te sjen wat wy foar elkoar dwaan kinne. Der leit wurk genôch en de takomst geane wy as *Jongfryske Mienskip* posityf temjitte!

Mei Frysk-nasjonale groetnisse,
it bestjoer

De Feriening Frysk Underwiis (FFU) bestiet in fearnsieu!

Dogge wy derta?

Fan 't jier bestiet de Feriening Frysk Underwiis (FFU) 25 jier: 1987-2012. In wurkgroepke, dêr't doe twa bestjoersleden fan no (Tom Dykstra en Sytze T. Hiemstra) ek al diel fan útmakken, naam in fearnsieu lyn it inisjatyf.

*Tom Dykstra,
foarsitter FFU*

De FFU wie net de earste feriening dy't besocht om de posysje fan it Frysk yn it ûnderwiis in better plak te jaan. Yn 1930 wie der al in *Fryske Underrjocht LIGA*. De feriening *De Fryske Skoalle* hat fan 1955 oant 1972 bestien. Ien en oar oer dy feriening is te finen yn it boek fan K. Zondag *Lange oanrin, koarte sprong* (Fryske Akademy, 2011). De oprjochting fan ús FFU-foarrinner kaam nei oanlieding fan in wiziging fan de *Lager Onderwijswet 1920* (1955) troch minister Cals. Foar it Frysk gou doe tenei ek:

Daar waar naast de Nederlandse taal de Friese taal of een streektaal in levend gebruik is, kan het leerplan bepalen, dat ten hoogste tot in het derde leerjaar de Friese taal of die streektaal mede als voertaal bij het onderwijs wordt gebezigd.

It doel fan *De Fryske Skoalle* wie mei te arbeidzjen oan de opbou fan in skoalle dy't fûndearre wie op it Fryske folkslibben; de skoalle as in libben elemint yn de Fryske folksmienskip.

Nei de oprjochting fan it *Pedagogysk Advysburo* yn 1959 foel it wurk fan de feriening wei. Net langer it ôfreizgjen fan âlderjûnen, mar it wurkjen oan it primêre proses yn de skoallen kaam no sintraal te stean.

De *FFU* is oprjochte yn 1987. Oanlieding wiene de feestlikheden oangeande it feit dat yn 1937 de Leger Underwiis-wet oanpast wie om ûnder skoaltiid ûnderwiis yn de Fryske taal te jaan:

Daar waar naast de Nederlandse taal een streektaal in levend gebruik is, kan onder lezen en Nederlandse taal enige kennis van die streektaal begrepen zijn.

It Frysk waard doe (1937) allinnich in *fakultatyf* fak en it waard (noch) net by de namme neamd, mar dochs. Mar ek yn 1987 (7 jier nei de *ferplichting* fan it fak Frysk op de basisskoalle) koe dy taal wol in triuwke yn 'e rêch hawwe. Benammen yn de gruttere plakken woe it Frysk mar min fan 'e grûn komme en hokfoar organisaasje makke him yn dy snorje drok oer goed ûnderwiis yn it Frysk? Wêr koene Fryksinnige âlden stipe krije as it persoanlik op de skoalle fan harren bern it fak Frysk net serieuus naam?

Yn oktober fan dat jier fûn de oprjochting plak mei it biedwurd: **Wa't fierder sjocht begjint tichterby**. De namme fan de feriening - *Feriening Frysker ûnderwiis* - joech in protte diskusje. De namme moast dúdlik meitsje dat ien leske Frysk wyks mooglik formeel ynoarder wie, mar dat soks gjin hout snijt as it giet om

lykweardich en ferantwurde ûnderwiis yn de twadde rykstaal. Letter is de namme lykwols feroare yn *Feriening Frysk Underwiis* om de tsjinstanners de wyn út de seilen te nimmen, dy't *Frysker* opfetsje kinne soene as it stribjen nei ientalich Frysk ûnderwiis.

It útbrochte FFU-struibrief wol it Frysk yn it ûnderwiis fuortsterkje troch:

1. it bondeljen fan de krêften fan belanghawwenden, te witten âlden, learlingen en learaars;
2. it stimulearjen fan skoallen om optimaal gebrûk te meitsjen fan de wetlike mooglikheden;
3. it aktivearjen fan pleatslike en regionale oerheden, bestjoeren en oare organisaasjes dy't mei ûnderwiis en Frysk te krijen hawwe.

Wat hat it krewearjen yn de ôfrûne 25 jier opsmiten?

Ad 1. It bondeljen fan krêften en it stypjen fan yndividuele âlden en learaars woe net rjocht slagje. Dy kearen dat in âlder al by it FFU-bestjoer oer de skoalle fan harren bern klage, kaam it net ta in aksje. In mem loek har, doe't de kniper op de skine kaam, werom troch te sizzen dat se net it risiko rinne woe dat de bern der op skoalle lêst fan krije soene. Der wie beslist noed dat in direksje of in learkrêft it freegjen fan omtinken foar better Frysk ûnderwiis foar de bern net wurdearje soe. Benammen net as direksje en persoanlik dat ûnderwiis net nedich of sels skealik achten.

Neist de FFU bestiet der ek de *seksje Frysk fan de Vereniging van Leraren*

in Levende Talen (VLLT). De learkrêften Frysk kinne der lid fan wêze en stipe krije. Faaks is dat ek de reden dat de FFU net troch leararen Frysk frege waard om juridyske of didaktyse help as se mei harren fak op de skoalle net út de fuotten koene.

Ad 2. Yn de earste jierren wurke de FFU mei pleatslike wurkgroepkes, dy't besochten om yn harren gebiet it ûnderwiis yn it Frysk te stimulearjen. In dreech kerwei, omdat skoallen net wend binne om út harren omjouwing opmerkings oer de ynhâld fan harren ûnderwiis te krijen. It binne sletten organisaasjes dy't neffens wet- en regeljouwing wurkje en kontrolearre wurde troch de ûnderwiisynspeksje. De wurkgroepkes hawwe dan ek gjin lang libben hân en bliede dea.

It ûntbriek it bestjoer fan de FFU oan jild en minskkrêft om op provinssjale skaal ynfloed op de skoallen te hawwen mei it each op ferantwurde ûnderwiis yn it Frysk. Ynsidintiel is der kontakt socht mei skoallen, lykas mei de Máxima-skoalle yn Ljouwert dy't wol wat Spaansk jaan woe, mar winliken gjin Frysk. De meisizzenskipried fan 'it Foarhûs' yn Drachten wie ek poerlik dat de FFU him mei it ûnderwiis op syn skoalle bemuoie doarst. It FFU-bestjoer hie reagearre op in fraachpetear yn it *Frysk Deiblêd*, wêryn't de direkteur fan dy basis-skoalle it ûnderwiis yn it Frysk eins as in ûndemokratyske, suver yllegale aktiviteit bestimpele (sjoch bgl. ús webstek www.ffu-frl.eu/argyf, 2005 en 2006).

Ad 3. De measte tiid en enerzjy fan it lytse FFU-bestjoer (fan op in stuit noch twa oant op syn meast seis minsken, benammen út ûnderwiisrûnten)

is stutsen yn it beynfloedzjen fan it (taal)belied fan:

- it *Ryk* (Ministearje fan Underwiis, Twadde Keamer);
- de *provinsje* (brieven mei fragen en kommentaar nei Provinsjale en Deputearre Steaten, oerlis mei politisy en amtners, bywenjen fan gearkomsten op ûnderwiismêd);
- de *ûnderwiisynspeksje* (oerlis mei ynspekteurs, kommentaar op yn-speksjerapporten en op wurderringsramten oangeande de beoardieling fan de kwaliteit fan it Frysk (sjoch ek ús jierferslaggen op ús webstek).

Yn de mande mei oare Fryksinnige organisaasjes is der besocht om guon ûntwikkelings te stypjen of op gong te bringen. Sa is bygelyks mei û.o. de Fryske Akademy in 'Oanfalsplan Frysk' (2008) skreaun. En wy hawwe mei klam by de oerheid (Ryk en provinsje) oanstien op it ûntwikkeljen fan in kanon fan de *skiednis fan Fryslân* (útjûn troch de *Afûk*, 2008). Oant foar koart wie in bestjoerslid mei oaren aktyf om foar it *Cito* in Frysktalige toets foar begripend lêzen gear te stallen.

Gearfetsjend

De *effektivens* fan de FFU hat beskieden west. It krewearjen hat der (noch) net ta laat dat der dúdlik sprake is fan it ombûgjen fan in noch altiten Frysk-ûnderdrukkend nei in Frysk-stimulearjend belied. It Ryk wol it

Frysk net echt fan 'e grûn hawwe. En de provinsje hat op ûnderwiismêd net folle macht en foech, mar slacht as *earstferantwurdlike* oerheid foar it Frysk ek net mei de fûst op 'e tafel om de stadige delgong in ho ta te roppen.

In konklúzje dat 25 jier FFU omdôch west hat, kin dan ek net lutsen wurde. Mear omtinken foar it Frysk is socht en berikt.

De *doelmjittigens* (effisjinsje) is frij heech. Mei in bytsje jild en in pear minsken is der in protte út 'e wei set (sjoch oeral op ús webstek www.ffu-frl.eu). Wol is it sa dat de bestjoersleden persoanlik in hege priis foar dy ynset en ynspannings betelje. Der is amper trochstreaming yn it bestjoer. Foar de bestjoersleden jilde gjin sittingsterminen en hja moatte hiel wat idealisme opbringe en tiid stekke yn it fêsthâldend opkommen foar in mienskip, dy't mar al te gau syn taal ynroalet foar it Hollânsk.

Binne de aktiviteiten *rjochtmjittich*? De aktiviteiten fan de FFU geane net yn tsjin de besteande regel- en wetjouwing. Yn in demokratyske setting komme wy yn alle iepenheid op foar it rjocht fan ús eigen taalmienskip om syn taal (en kultuer) troch te jaan oan de neikommende generaasjes en om dy fierder te ûntwikkeljen. Mar gelyk hawwe op grûn fan minskerjochten en ferdragen wol ek yn it Nederlân fan hjoed-de-dei noch net sizze dat wy ek gelyk krije. Noch altyd hawwe wy te krijen mei tige ûngelikense (taal)machtferhâldings en mei in slim 'kromwoeksen realiteit'.

KAFEE 'ROM SICHT' (22)



Eltse lêste freedtejûn fan 'e moanne giet Fetse Friesema nei kafee 'Rom Sicht' om mei de maten Geart Gelyk, Minne Modern en Watse Wetich de tastân yn 'e wrâld yn it algemien en yn Fryslân yn 't bysûnder troch te nimmen.

Rommert Tjeerdsma

'Der is wer hiel wat bard, de lêste tiid,' seit Fetse, wylst er geniet-sjend fan syn Beerenburchje priuwt, 'goede dingen mar spitigernôch ek minder goede.'

'Fan de lêsten it measte neffens my', stint Watse, dy't gewoanwei wat oan de swiersettige kant is. 'Kom,' seit Geart, 'net al te negatyf, der is echt noch wol goed nijs. Nim no bygelyks Frankryk. Dêr hawwe se in wet dy't radiostjoerders ferplichtet dat 40% fan de muzyk dy't se útstjoere Frânsktalich wêze moat. Dat is dochs geweldich, moasten wy hjir by ús ek hawwe. Tink dy ris yn dat de Omrop ris wat mear Frysktalige artysten hearre liet ynstee fan it Ingelsktalich gebalt en gemjammer datst benammen jûns op 'e radio hearst.'

'Ha ha,' laket Minne, 'dat kin fansels net.'

'Kin dat net,' sjit Geart út de slof, 'ik soe net witte wêrom net, as der

in wet foar is, sille se wol moatte!'

'Dan heakket de jeugd ôf,' seit Minne, wylst er in fikse slok fan syn miksdrankje nimt, 'dy wolle dat soarte muzyk hearre.'

'De jeugd,' glimket Fetse, 'is de Omrop der allinnich foar it jongfolk? By myn witten is dy der foar it hiele folk. Bûtendat kin de jongerein noch wol by mear as tsien lawaaikranen terjochte, as hja perfoarst har gehoar skansearje wolle.'

'Fjirtich presint is eins noch oan de krappe kant,' wol Watse hawwe, 'wat my oanbelanget meie hja der hjir yn Fryslân wol njoggentich persint fan meitsje.'

'No't wy it dochs oer taal hawwe,' ferfettet Fetse it petear en as Boate de gleskes op 'en nij folle hat, 'lies ik dat de Flaamske jongerein it langer ferpoft om Frânsk te learen.'

'Wêrom soene se ek,' laket Geart, 'de Walen hawwe altyd al wegere om Nederlânsk te praten. Dêr stiene hja fier boppe. Fol ferach-

ting sjogge se del op de Flamingen en harren taal. Sels tsjintwurdich, no't de Flamingen in grut part fan harren ynkommen ynleverje moatte om de earmlêstige Walen troch de tiid te helpen, is dat noch net feroare. Nee, dy Flaamske jeugd ha 'k wol betrouwen yn. Hja binne sa't hja dat neame 'fier' op har taal, kom dêr hjir ris om.'

Fetse stoareaget al prakkesearjend sûnder erch nei syn gleske Beerenburch, dat fûnkeljend in lette sinnestriel opheint.

'Guon minsken, oars goede Friezen, fine dy Flamingen mar ekstremisten,' seit er, 'no jôú my sokke ekstremisten. Dêr hawwe wy hjir yn Fryslân gjin hânwetter oan.'

'Fan dy lju kinne wy, wat leafde foar it heitelân oangiet, noch in ferrekt soad leare, dat stiet yndie as in peal boppe wetter', follet Watse oan.

Minne hat blykber syn nocht fan dit ûnderwerp en snijd in oar sjapiter oan, al hat dat ek wol wer mei taal te krijen.

'Nederlân rint alle jierren krapoan njoggen miljard euro mis,' ropt er triomfantlik, as soe dit in boppeslach fan it boppeste buordsje wêze, 'moatst dy yntinke, njoggen miljard.'

'Hoe kin dat,' freget Watse ferheard, 'hoe komst dêrby?'

'Omdat de keaplju de Dútske taal net goed behearskje,' antwurdet Minne. 'En Dútslân is no ienkear it lân dêr't wy de measte hannel mei dogge.'

'Docht my neat gjin nij,' seit Fetse, 'alles wurdt yn dit lân by it Ingelsk opset, benammen yn it ûnderwiis. En hja leare op skoalle de bern de eigen taal net iens goed, hoe soene se dat dan mei it Dútsk wol dwaan?'

'Dan moatte wy hjir tenei yn it kafee ek mar op it Ingelsk oergean', seit Minne. 'Wy moatte op 't lêst mei de moade meidwaan.'

'Weagje it net,' driget Boate, dy't krekt mei de lêste konsumpsje delkomt, 'dan set ik jimme der fuortdaliks út...'

Takomst troch taalferskaat

Chris van Hes

Mear foardielen yn de takomst foar learlingen troch meartalich ûnderwiis: in foarbyld út Fryslân

Wittenskiplik ûndersyk hat oantoand dat bern dy't in meartalige opfieding krije, al tige jong trochhawwe dat taal in samling fan ôfspraken is. In gefolch dêrfan is dat se makliker frjemde talen leare kinne, dus fleksibeler yn talen binne, makliker 'switsje' kinne tusken talen as bern dy't fan deselde jierren binne en dy't gjin meartalige opfieding krije.

"Dêrneist ûntwikkelje meartalige bern in better taalgefoel en kinne se yn trochsneed gauwer lêze. Om't se in sprutsen sin earder yn wurden opdiele

kinne en wurden yn klanken, hawwe se in grutter wurkûnthâld en binne se better by steat harren oandacht te fokusjen. Se binne fan jongs ôf oan wend om te skeakeljen tusken talen en binne dus by steat de taal dy't op dat stuit yrrlevant is, út te filterjen."

Sa skriuwt⁷ de *Edukative Tsjinstferliening CEDIN* yn syn brosjure.

Trije talen yn it ûnderwiis

Yn 1997 is yn Fryslân in proefprojekt fan de miet gien, dêr't it prinsipe fan de meartalige opfieding yn brûkt wurdt as útgongspunt foar in ûnderwiisfoarm: *it trijetalich ûnderwiis*. Trijetalich ûnderwiis is ûnderwiis wêrby't trije ferskillende talen (Ingelsk, Frysk en Nederlânsk) as *ynstruksjetaal* brûkt wurde. Oan dat projekt diene sân ferskillende skoallen mei. It projekt wie tige súksesfol en alle sân skoallen hawwe besletten om troch te gean mei it trijetalich ûnderwiis. Dêrút is it *Netwurk Trijetalige Skoallen* (3TS) ûntstien, dat op it stuit út 41 skoallen bestiet. De partisipanten fan 3TS krije fergees begelieding op it mêd fan taalúntwikkeling en meartalich ûnderwiis. Dêrneist dogge dy skoallen mei oan it Angliaprojekt. Dat is in projekt, stipe troch *EuroSchool* en it *Europeesk Platform*, wêrby't learlingen dy't slagje foar dat projekt, in ynternasjonale erkend diploma krije. De dielnimmende skoallen krije begelieding en finansjele stipe foar it oanlûken fan in Ingelsktalige taalassistint. Dêrneist krije skoallen dy't meidogge, ek subsydzje foar nei-opliedingsprojekten foar it Ingelsk en it Frysk.

Yn 1980 is it Frysk in ferplichte fak wurden yn de provinsje Fryslân. Dêrnjonken hat Nederlân yn 1992 it 'Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden' ûndertekene dêr't Nederlân him yn ferplichtet om it Frysk te hoedzjen en noedzjen. Yn 1996 is dat Hânfêst

troch de Twadde en Earste Keamer goedkard en dêrnei ratifisearre. Dêrby waarden de Fryske taal en de streek-talen Leechsaksysk en Limboarchsk erkend op Europeesk nivo, wêrby't allinnich op it Frysk in grut tal (48) spesifike maatregels en ferplichtings út diel III fan dat ferdrach fan tapassing ferklearre waard. It *Frysk* wie nammers al yn Nederlân erkend sûnt de fyftiger jierren fan de foarige ieu. Underwilens binne de *Friezen* net allinnich yn Nederlân (sûnt 2005), mar likegoed yn Dútslân (sûnt 1998) as nasjonale minderheid erkend troch it 'Ramtferdrach foar de Beskerming fan Nasjonale Minderheden'. It ramtferdrach omfettet û.o. eleminten oer taal dy't it rjocht op it learen en ûnderwizen fan de eigen taal garandearje en it opsetten fan ûnderwiisinstellings yn de eigen taal stypje moatte soe.

By it trijetalich ûnderwiis spylje trije talen in grutte rol binnen de skoalle. De trije talen wurde net allinnich as fak ûnderwiisd, mar ek brûkt as fier-of ynstruksjetaal, dus om les yn te jaan by oare fakken. Der is earst sprake fan in trijetalige skoalle wannear't trije talen yn in beskate ferhâlding brûkt wurde as fak en as fiertaal. De learkrêft jout dan bygelyks skiednis, in kreatyf fak, biology of ierdrykskunde yn it Ingelsk of Frysk. Sa kinne Nederlânsk en Frysk brûkt wurde yn de ferhâlding 50/50, 60/40 of 70/30. Ferskillende ferhâldings yn de ferdieling fan de fiertaal binne mooglik; it hinget ôf fan de kar dy't de skoalle makket.

⁷<http://www.3ts.nl/images/trijetalige-skoalle2011.pdf>

Foar in trijetalige skoalle is de minimumnoarm: twa deidielen Ingelsk yn de wike as fier- of ynstruksjetaal by oare fakken en/of aktiviteiten. Yn de boppebou komt it Ingelsk derby as fiertaal. Op in trijetalige skoalle moat it Ingelsk yn de boppebou minimaal ien deidiel wyks as fiertaal brûkt wurde. It konsekwint brûken fan de fier- of ynstruksjetalen is tige wichtich. Yn it trijetalich konsept wurdt it Frysk net allinnich as in apart fak jûn, mar wurdt it Frysk (en dêrneist ek it Ingelsk en it Hollânsk/Nederlânsk) tapast as fiertaal.

Foardielen fan trijetalich ûnderwiis

It oanlearen fan mear talen is wichtich foar de ynternasjonale kommunikaasje. Of, ienfâldich sein: de bern moatte har yn binnen- en bûtenlân rêde kinne. Ynternasjonaal wittenskiplik ûndersyk hat kear op kear oantoad dat de basisskoalle omtinken jaan moat oan de memmetaal fan it bern. As dy goed ûntwikkele wurdt, giet it learen fan oare talen folle makliker. Foar bern en foar skoallen biedt it trijetalich ûnderwiis in soad foardielen. Sa binne bern har bewust fan meartalichheid, wurde se taret op in maatskippij wêryn't it praten fan mear/ferskate talen in wichtige rol spilet, wurdt it algemiene taalgefoel stimulearre, lêze dy bern ek gauwer en hawwe in better wurkûnthâld. Skoallen krije finansjele stipe en ekstra begelieding as se trijetalich ûnderwiis tapasse yn de skoallen. Dêrneist binne de learresultaten fan learlingen neffens deputearre Jannewietske de Vries sadanich dat: "[...] *de trijetalige skoallen de bêste skoallen fan Fryslân binne.*" en fierders: "[...] *elk bern opfange yn syn/har eigen taal, [...] ynternasjonale skoallen [...], [...] fan ús lytsskaligens in foardiel meitsje [...], kennisinstellingen sterker meitsje troch mear*

gearwurking en ferbiningen te lizzen mei de ûndernimmers [...], goed ûnderwiis [...], goed oplate bern [...]."

Rol fan it Frysk

Wat de taalbehearsking oanbelanget: 94% fan de ynwenners fan de provinsje Fryslân kin it Frysk ferstean, 74% praat it ek werklik, 76% kin it lêze en 30% kin it skriuwe (sifers 'Fluchhifking 2011'). Mei dy feiten yn de efterholle is it net mear as logysk en pedagogysk ferantwurde om it Frysk yn de skoalkultuer te yntegrearjen. As it Frysk net yntegrearre wurde soe, waard it bern de kâns ûntnommen om de eigen kultuer te ferrykjen, bewust te wurden fan de eftergrûn dêr't se skielk út tinke en hannelje sille en foaral: in ekstra taal te learen. As dat net dien wurdt, hannelet de skoalle yn striid mei it *Ramtferdrach* en it *Hânfêst*, dêr't yn beskreaun stiet dat it Frysk stimulearre wurde moat en nea yn in mindere posysje set wurde mei. Op it net neilibjen fan it *Hânfêst* en it *Ramtferdrach* steane lykwols gjin sanksjes.

Dêrneist moat de skoalle pedagogysk ferantwurde hannelje: it trijetalich konsept hat allinnich kâns fan slagjen as in stevige basis lein wurdt foar it learen fan mear talen. Dy basis is de 'memmetaal' dêr't op trochbreide wurde moat. Boppedat is bewiisd dat wannear't der mear tiid ynvestearre wurdt yn it Frysk, soks gjin inkeld negatyf effekt hat op it Nederlânsk. Stoefer noch: oan 'e ein fan groep 8 litte bern in útbalansarre twatalichheid sjen. Sels binnen de skoallen dêr't Frysktaligen in minderheid foarmje, is it Frysk alsa mear as te plak yn it basisûnderwiis.

Untwikkelings en foarútsjoch

It konsept fan trijetaligens hat in soad potinsje yn him. Dat sjogge de pabû's ek. Dêrom beaen *Stenden Hegeskoalle*

en de *Noardlike Hegeskoalle Ljouwert* fan 10 novimber 2010 ôf in trijetalich programma foar studinten oan. Dy proef wie sa'n súkses dat se yn septimber 2012 oergien binne op it oanbieden fan in trijetalige pabû-oplieding. Lâns dy wei wurde studinten oplaat ta eabele learkrêften dy't bekwaam binne om trijetalich ûnderwiis te jaan. It wurkfjild reagearret posityf op dy ûntwikkeling en hat oanjûn, dat dy studinten terjochte kinne op ien fan de 41 basisskoallen dy't trijetalich ûnderwiis jouwe.

De tendins past yn dizze tiid fan ynternasjonalisearring. Troch de wei fan it trijetalich ûnderwiis binne skoallen yn Fryslân wis fan it ôfleverjen fan learlingen dy't harren prima proflearje kinne yn de wrâld. De krêft fan dizze ûnderwiisfoarm leit yn it kombinearjen fan de betroude lytsskaligens mei de kânsen fan de ynternasjonalisearring.

Wat kin dat foar in skoalle betsjutte?
Yn it boppesteande artikel binne de

foardielen fan trijetalich ûnderwiis te lêzen. It trijetalich ûnderwiis is benammen foar skoallen yn Fryslân in nijsgjirrige en foarútstribjende ûntwikkeling sûnt der inisjativen binne 'om it foech foar taalûnderwiis nei it provinsjebestjoer te heljen'⁸, en ek sûnt lektors roppe om mear trijetalige skoallen⁹.

Om in trijetalige skoalle te wurden, moat der kontakt opnommen wurde mei it *Taalsintrum Frysk/Cedin* (www.taalsintrum.nl/trijetalige-skoalle.html).

Dêrnei kin oansluting by it 3TS (sjoch boppe) folgje. Der wurdt it traject útset, wêrby't stap foar stap¹⁰ nei in trijetalige skoalle ta wurke wurdt. Wol moat men beseffe dat soks net in proses fan de iene op de oare dei is. Der moat rekken holden wurde mei faktors as OR/MR (Undernimmingsried/Meisizzenskipried), skoalplan, oanpassingsfermogen fan de skoalle en it fermidden, de organisaasje, ensafuorthinne. Mar:

Trijetalich ûnderwiis is in grutte stap foarút!

Chris van Hes is studint oan de PABO Meppel.

Wy kinne net trochgean sûnder jo kopij. Dat kinne bydragen wêze op it mêd fan Fryske striid, Fryske literatuer, Fryske skiednis, Frysk ûnderwiis, fersen en ferhalen. Foar it desimbernûmer moat dy ynstjoerd wurde foar 1 novimber nei: Redaksje 'Lyts Frisia', Plantage Doklaan 13 1018 CM AMSTERDAM, E-post:

abma.g@upcmail.nl

It postadres fan de *Jongfryske Mienskip* is: Postbus 719, 8440 AS It Hearrenfean. Webstek: www.jongfryskemienskip.com. E-post: jongfryskemienskip@gmail.com. Nûmer bankrekken: 1069535 op namme fan *Jongfryske Mienskip* It Hearrenfean.

⁸<http://www.lc.nl/friesland/regio/article14730453.ece/%E2%80%98Bevoegdheid-taalonderwijs-naar-regio>

⁹<http://itnijs.nl/2012/02/nije-lektor-meartaligens-wol-mear-trijetalige-skoallen/?mc=>

¹⁰<http://www.taalsintrum.nl/trijetalige-skoalle.html>